



Sjueryrapport Rink van der Veldepriis 2020

Hjoed wurdt de Rink van der Veldepriis foar de njoggende kear útrikt. Dêrmei foarmet dizze priis in twa-jierliks beaken yn it Frysk-literêre lânskip. Kwa karakter nimt de Rink in eigen plak yn, sa't it oeuvre fan de nammejouwer Rink van der Velde dat ek die en noch altyd docht: in breed publyk oansprekke mei in goed skreaun boek.

As earste stap hat de sjuery it reglemint trochnommen. It foel ús op dat de bepaling om eardere winners net wer yn oanmerking komme te litten, noch altyd oerein stiet. Wy freegje ús ôf oft de tiid der noch neffens is om skriuwers op grûn fan eardere prestaasjes út te sluten. It giet ommers om in wedstriid en dy heart iepen te wêzen. Hjirby spilet der ek noch wat oars. By elke nije útrikking liedt it hanthavenjen fan dizze bepaling derta dat de molke geandewei ôfrjemme wurdt, hielendal no't it tal publikaasjes mear en mear ûnder druk stiet. Dêrmei nimt de kâns ta dat it winnende boek, dat eins it bêste boek wêze moatte soe, by einsluten net mear is as 'best of the rest'. Mei it hanthavenjen fan niisneamde útsluting sjit de priis himsels dan ek hieltyd wer yn 'e foet. Fandêr de oprop fan de sjuery om hjir nochris mei ferdrach nei te sjen.

De twadde stap wie it fêststellen fan de kritearia dy't wy oanlizze woene by it beoardieljen fan de boeken. Nei it bestudearjen fan it reglemint kamen wy út op boeken dy't literêre kwaliteiten as in by it ferhaal passende skriuwstyl, in goede opbou en in oertsjûgjende ûntjouwing fan de karakters witte te kombinearjen mei tagonklikens, sadat in bredere groep fan lêzers berikt wurde kin.

De tredde stap naam twa jier yn beslach, nammentlik it lêzen fan it oanbod, dat, lykas hjirboppe al oanjûn is, net al te grut wie. It gie om 21 boeken dy't beoardiele binne, santjin yn it Frysk, trije yn it Stellingwerfsk en ien yn it Biltsk. Binnen it oanbod foel op dat der frijwat debutanten op proaza-gebiet har opwachting makken. Blykber sprekt it net allinnich ta de ferbylding om in boek te skriuwen, de stap om dat yn de eigen taal te dwaan wurdt noch altyd set, al is dat spitigernôch wol faak op lettere leeftiid.

In oar punt dat de sjuery opfoel, is de soarch dy't troch útjouwers oan publikaasjes bestege wurdt. In keapsjoch boek yn 'e merk sette docht net allinnich rjocht oan de skriuwer, mar ek oan de lêzer. Hjirby kin tocht wurde oan boeken mei in oansprekkend omkaft, in goed lêsber en net al te lyts lettertype op papier dat it nivo fan it kladblok te boppe giet. Dat it foargeande net by elke publikaasje fanselssprekkend is, foel ús ôf: in neatsizzend omkaft, of in útfiering dy't gjin besjen lije kin (goedkeap papier, min lêsber lettertype, rommelige opmaak) nûget de lêzer earder út om it boek mar nêt oan te skaffen, lit stean om it te lêzen.

De seleksjeproseduere dy't wy mei-inoar ôfpraten, seach der sa út:

1. Om yn oanmerking te kommen foar in twadde lêzing, wie it genôch as in mearderheid fan de sjuery achter it boek stie;
2. Om in nominaasje yn 'e wacht te slepen, wie unanimiteit fereaske, wat dan fansels ek opgean soe foar de úteinlike winner.

Fan it oanbod foel nei de earste lêzing in grut part ôf. Dat betsjut net dat it altyd om min wurk gie, yn guon gefallen paste it boek gewoan net by wat de sjuery foar eagen stie. Dat oare boeken net yn oanmerking kamen om fierder te kommen, hie gauris te krijen mei it ûntbrekken fan djipgong, in klisjeemjittige styl, in te trage opbou sûnder echte hichtepunten of in wat al te maklike kar foar it ynsetten fan humor, al of net yn kombinaasje mei it opfieren fan folksaardige typen, om sa it ferhaal oantreklik te meitsjen. Lykwols, wa't in literêre priis winne wol, sil dochs in oar register iepenlûke moatte. Skerp oan 'e wyn sile en it útdjipjen fan personaazjes dy't har geandewei ûntwikkelje binne no ienris wichtige eleminten dêr't in winnend boek net sûnder kin.

Lang om let bleaune der nei de earste lêzing sân publikaasjes oer. Yn dizze faze foel op hoe ferskillend oft der nei in boek sjoen wurde kin, mar omdat unanimiteit (noch) net fereaske wie, kamen wy dochs ta in kar-út dêr't wy fierder mei woene:

- a. Hedzer T. Hooijenga – *De wraak fan de puzelman*
- b. Gooitzen Monsma – *It testamint fan Tonnema*
- c. Geert Nauta – *In soarte fan bûgjen*
- d. Elske Schotanus – *Wurk*
- e. Janneke Spoelstra – *de parallaks*
- f. Johan Veenstra – *Vroeger is veurgoed veurbij*
- g. Sietse de Vries – *Hierbak*

De boeken dy't noch oerein stiene, waarden opnij trochnommen en yngeand bepraat, mei as doel in skifting dy't liede soe ta in list mei nominaasjes, oftewol boeken dêr't de sjuery lykas earder ôfpraat unanym achter stean koe, boeken dy't ek werklik yn 'e beneaming kamen foar de Rink van der Veldepriis. Neidat de reek oplutsen wie, die bliken dat de sjuery it oer seis fan de sân boeken net iens waard. Omdat mei dizze útkomst it nominearjen fan meardere boeken sawol foar de lêzer as de skriuwer in foarm fan foar-de-gekhâlderij wurde soe, besleat de sjuery om de nominaasjefaze oer te slaan en fuortdaliks de priis ta te wizen oan *Vroeger is veurgoed veurbij* fan skriuwer Johan Veenstra.

It winnende boek

Vroeger is veurgoed veurbij set útein mei in sêne dy't it ferhaal fuort op skerp set. Arjen Hogeling stapt yn syn auto. Hy is wapene en hat mar ien doel: immen deasjitte. As er oankomt op it plak dêr't syn beëage slachtoffer wennet, lit er, wachtsjend yn syn auto, de hiele foarskiednis oan syn geasteseach foarbylûke, te begjinnen mei syn eigen ferhaal. Arjen blykt fuort te kommen út de relaasje dy't syn mem Alie, sels fan 'leech' komôf, hie mei boeresoan Arjen de Ruter. Dat stânsferskil (it ferhaal spilet yn it interbellum) wurdt op pynlike wize dúdlik as Arjen by it reedriden yn in wek rydt en ferdrinkt. Yn in oangripende sêne tekenet de skriuwer de begraffenis út, hoe't Alie by de tsjerkedoarren opkeard wurdt en it ôfskied bûten yn 'e kjeld folgje moat. Ek letter, wannear't se har by Arjen syn âlden meldt om te fertellen dat se swier fan harren soan is, wurdt se op har nûmer set en ôfskipe mei in pear ryksdaalders.

In nije faze folget nei de berte fan har bern, dat se ferneamt nei har grutte leafde, dy't sa lang as se libbet by har bliuwt, al leit se, lykas gebrûklik yn dy tiid, op in minne namme. Om de kost te fertsjinjen, komt se yn it wurk by boer Albert Hogeling en syn soan Sander, in húshâlden dêr't Alie de rol fan de boerinne oernimme moat, al wurdt se behannele as in hússloof. Nei ferrin fan tiid stelt Sander har foar om mei him te trouwen. Oft der sprake is fan leafde, is mar de fraach. Fan beide kanten is it mear in ferstânshoulik, dêr't Arjen syn healbroer Albert út fuortkomt. Albert blykt in misliksma fan it boppeste buordsje te wêzen en dêrby ek folslein ûngeskikt as opfolger fan syn heit. Mei't dy dochs foar syn 'eigen' soan kiest, komt Arjen yn deselde posysje telâne as syn mem: de skiednis werhellet him. Uteinlik kin er net oars as de pleats achter him litte. Hy meldt him nei de oarloch oan as frijwilliger om nei Indië te gean en dêr mei te dwaan oan de aksjes fan it regear om dat lân as koloanje te behâlden. Ek yn dit diel wit Johan Veenstra de lêzer mei te nimmen yn syn beskriuwing fan in prachtich lânskip, mei dêrfoaroer de wredens fan de minske. Arjen komt dan ek geastlik skansearre werom mei wat wy no PTSS neame soene, mei omdat syn 25 brieven oan Anja, it famke dêr't er ferkearing mei hie en dy't, sa't letter bliken docht, mei syn healbroer trouwe sil, net beäntwurde binne. Al wurdt er opfongen troch de heit fan ien fan syn tsjinstmaten en set er him nei wenjen yn Twinte, alles wat him oerkaam bliuwt oan him fretten, hielendal wannear't er der troch in eardere ûnderdûker achter komt hoe't it kin dat er noait in reaksje op syn brieven krigen hat, de reden om it fizier op syn healbroer te rjochtsjen.

Dat *Vroeger is veurgoed veurbij* yn it Stellingwerfsk skreaun is, sil foar de measte Fryske lêzers gjin beswier wêze. Earder foeget it wat ta, sa wie de sjuery fan betinken. Ek fierder kipet dit boek der om meardere redenen út, al setten guon sjueryleden wol in fraachteken by it slot, dat krekt wat te forsearre út 'e loft falt. Dochs wie dat mar in lyts beswier by in ynfielend skreaun boek, en dat sûnder melodramatysk te wurden. De skerpte fan de dialogen dy't op gjin inkeld momint keunstmjittich oerkomme, de prachtige en faak ek pynlik oerkommende sfeartekening yn relaasje ta it lot fan de personaazjes, de beskriuwing fan de karakters, de ûntjouwing fan benammen Arjen en de opset fan it hiele ferhaal lutsen de sjuery oer de streek en rop *Vroeger is veurgoed veurbij* út ta winner fan de Rink van der Veldepriis 2020.

Johan Veenstra, fan herte lokwinske mei it beheljen fan dizze priis troch de sjuery dy't bestie út Joukje Aardema, Nynke Andringa en Koos Tiemersma.

Taheakke

De list mei troch de útjouwers oanlevere en lêzen boeken:

1. Douwe de Bildt – *De Jorwerter Dweilstikken*
2. Jan Bouwhuis – *De Trochreed yn de lijte fan Huylckenstein*
3. Bremer & Hoekstra – *De 13de asega*
4. Meindert Bylsma – *Moard yn 'e hite hei*
5. Hein Jaap Hilarides – *Ofskaid en útsicht*
6. Hedzer T. Hooijenga – *De wraak fan de puzelman*
7. Harmen Houtman – *As ik kiezen moch...*
8. Bennie Huisman – *Sanfirdo*
9. Gooitzen Monsma – *It testamint fan Tonnema*
10. Geert Nauta – *In soarte fan bûgjen*
11. Jikke Olivier – *Skuld*
12. Jan Minno Rozendal – *De fluchste blanke*
13. Elske Schotanus – *Wurk*
14. Bonne Speerstra – *Underweis*
15. Janneke Spoelstra – *de parallaks*
16. Hilda Talsma – *De Onnie's en it hynstebal*
17. Rommert Tjeerdsma – *Doutzen yn swier waar*
18. Johan Veenstra – *Vroeger is veurgoed veurbij*
19. Freddie de Vries – *Ok et beste peerd stroffelt wel es*
20. Sietse de Vries – *Hierbak*
21. Baukje Zijlstra – *De komakorrektor*

Ek troch útjouwers oanlevere boeken, mar net meinommen yn de beoardieling:

1. Hein F. Faber's *Doarp oan see* (ferbylde troch Frâns Faber)*

*De oarspronklike tekst is útbrocht yn 1960 en dit boek komt om dy reden net yn 'e beneaming.